

**HJIR STEAN
WIJ FOAR**

FERKIEZINGSSP**ROGRAMMA**

SP. SWF 2014 - 2017



100% SOSJAAL

Ynhâldsopjefte

Underwerp

Side

Foaropwurd	3
1. Wurk, ynkomen en sosjale saken	4
2. Wenjen	6
3. Miljeu, natoer en bistenwolweze	7
4. Toerisme en rekreaasje	8
5. Ekonomy, duorsumens en ynnovaasje	9
6. Feiligens en iepenbiere oarde	10
7. Iepenbier bestjoer	11
8. Soarch	12
9. Underwiis	13
10. Kultuer, sport en wolwezen	14
11. Plattelân en romtlike oardening	15
12. Ferfier en ferkear	16
13. Finânsjes	17

FOAROPWURD

Foar in soad minsken binne it swiere tiden. De krisis, mei al har gefolgen, hat gâns ynfloed op it deistich libben fan minsken dy't hjir part noch diel oan hân hawwe. Minsken ferlieze harren baan, krije minder soarch, sjogge harren foarsjennings ferdwinen en moatte it dwaan mei: "Sykje it mar út." Dizze sitewaasje liket de kommende jierren noch net te ferbetterjen.

Krekt oarsom: der wurdt noch hieltyd keihurd besunige, ûnder oare troch in protte taken oer te heveljen nei gemeenten mei dêrby in foarse koarting op de budzjetten. Dit betsjut dat der karren makke wurde moatte. Us karren stean yn dit ferkiezingsprogramma. As Socialistische Partij basearje wy al ús stânpunten op ús kearnwaarden: minsklike waardichheid, lykwaardichheid en solidariteit.

Mei eltse stim op de SP komt in 100% sosjaal Súdwest-Fryslân tichterby.

1. WURK, YNKOMEN EN SOSJALE SAKEN

Wurkje heart by it libben. Fan eltse boarger mei ferwachte wurde dat hy nei fermogen in stientsje bydraacht oan de maatskippij. Dat hoecht net altyd wurk yn leantsjinst by in baas te wêzen. Ek opfieding, mantelsoarch en allerhanne foarmen fan frijwilligerswurk leverje in weardefolle bydrage oan de maatskippij en it wolwêzen fan minsken.

Wy libje net om te wurkjen, mar wurkje om te libjen. De SP fynt dat arbeid net allinne mar in kwestje is fan jild fertsjinje en winst meitsje. Minstens sa wichtich is de fraach hoe 't wy wearde tafoegje kinne oan ús libben en dat fan oaren: soarchsumens, respekt en kwaliteit. Dêryn sit de werklike winst. Fan wurkjouwers mei dan ek ferwachte wurde dat hja ferantwurdlikheid nimme foar harren wurknimmers en de omjouwing dêr't hja harren bedriuw fiere.

Yn tiden fan krisis, mei hieltyd minder fakatures foar hieltyd mear wurkleazen, is it hieltyd wichtiger foar minsken om betelle wurk te finen. Fan in fêst kontrakt kin men as wurkleaze allinne noch mar dreame. It tal minsken dat yn in útkearing telanne komt wurdt hieltyd grutter. De SP fynt it logysk dat de oerheid har bêst docht om minsken sa gau mooglik fanút de útkearing nei wurk te helpen. Wol fine wy dat de ekonomyske realiteit hjirby yn it each hâlden wurde moat.

De útfiering fan de Partisipaasjewet, wêrûnder de wet Wurk en Bystân, de sosjale wurkfoarsjenning en de Wajong leit foar it grutste part by de gemeente. Hoe 't dit yn de praktyk útpakken giet is noch net dúdlik. De SP fynt dat de minsklike maat en in yndividuele oanpak yn de útfiering sintraal stean moatte.

Krekt yn tiden fan ekonomyske ûnwissichheid moatte wy minsken sosjale wissichheid biede. Dat is goed foar de gearing yn de maatskippij. Sosjale wissichheid is net in probleem mar krekt in oplossing faor swierrichheden as men siik is, men syn wurk ferliest of âlder wurdt. Sosjale wissichheid is net in kostenpost, mar de basisfersekering fan ús maatskippij.

US UTSTELLEN

- Wurkje moat wat opsmite, wurkje mei behâld fan útkearing wolle wy net yn ús gemeente. Wurk wurdt betelle neffens CAO-lean of teminsten it minimumlean. Earlik lean foar earlik wurk!
- De gemeente moat bedriuwen ynspirearje om mear jongerein en minsken mei in arbeidsbeheining yn tsjinst te nimmen. Fansels jout de gemeente hjirby it goede foarbyld.
- Gemeentlike projekten wurde regionaal oanbestege. Om dit mooglik te meitsjen kinne projekten yn meardere lytsere ûnderdielen opdield wurde. Hjirmei wurdt de lokale wurkgelegenheid stimulearre.
- De gemeente giet reyntegraasje sels útfiere en net oerlitte oan eksterne partijen.
- Gjin winst meitsje op reyntegraasjetrajekten. Eltse sint moat brûkt wurde foar reyntegraasje.
- Wurk by reyntegraasje moat passend wêze en foar op syn minst it minimumlean dien wurde.
- Sosjale wurkpleatsen bliuwe bestean om minsken in beskerme wurkomjouwing te jaan. Ustream nei regulier wurk en/of reguliere wurkjouwer bart allinne wannear 't dit mooglik is.
- Der wurdt net koarten op ynkommens, begelieding en oplieding fan minsken mei in arbeidsbeheining.

- Sollisitaasjeplicht moat yndividueel beoardield wurde. Bern, leeftyd en oare omstannichheden wurde hjiryn meinaam.
- Bysûndere bystân wurdt romhertich takend. It jild wurdt earmerke en better ûnder de oandacht bracht yn gearwurking mei organisaasje lykas FSU en de itensbank.
- Earmoede en benammen earmoede ûnder bern is net te akseptearjen. De gemeente giet in aktivere rol spylje yn de bestriding dêrfan.
- Gemeentlike belestingen wurde automatysk kwytuskolden foar minsken mei in minimum inkommen.
- De gemeente is weromhâldend yn it ferheegjen fan de gemeentlike belestingen en tariven. Wannear nedich wurde ferhegingen mei de nedige foarsichtichheid dien.
- De gemeente is weromhâldend mei it oplizzen fan strafkoartings op útkearings.
- Subsydzjes oan organisaasjes dy't minima stypje meie net stopsetten wurde.
- De útfiering fan skuldhelpferliening wurdt troch de gemeente koördinearre om derfaor te soargjen dat allerhanne partijen net by inoar del wurkje. Boppedat wurdt skuldhelpferliening fergees oanbean.

2. WENJEN

In goede en betelbere wenning is wichtich foar eltsenien. De SP fynt dat der genôch hierwenten beskikber wêze moatte foar alle ynkommensgroepen. De gemeente moat der op tasjen dat wenningkorporaasjes hjir noed foar stean.

De SP protestearret as korporaasjes har mear rjochtsjen gean op lúksere hierwenten en op keapwenten, op kosten fan betelbere wenten foar minsken mei in leech en middenynkommen.

Wy pleitsje foar prestaasje-ôfspraken mei wenningkorporaasjes oer de omfang fan de wenningfoarried fan goedkeape, betelbere en djoere hûzen. Ek wolle wy dat der ôfspraken makke wurde oer de sizzenkip fan hierders.

De buert is de skaal fan de takomst. Dêrom wolle wy dat der ynvestearre wurdt yn de leefberens en kwaliteit fan de buerten. Sawol yn de stêd as op it plattelân. Foarsjenning sa folle mooglik ticht by hûs. Genôch boartersgelegenheid foar bern. In goede sprieding fan senioarewenten, sadat minsken ek op lettere leeftyd yn harren eigen buert of doarp wenjen bliuwe kinne.

Dêrneist fynt de SP dat der by nijbou en renovaasje ekstra oandacht wêze moat foar duorsumens en enerzjybesparring.

US UTSTELLEN

- De wenningbouferienings soargje foar genôch sosjale wenningbou en ferkoartsje dêrmei de wachtlisten. It wenningoanbod moat oanslute by de fraach.
- Hierwenten wurde net ferkocht wannear't der wachtlisten binne foar soortgelikense wenten. Dêrneist wurde hierwenten dy't al seis moannen te keap stean werom naam yn de aktive hierfoarrie.
- De sosjale wenningbou wurdt goed fersprieden oer de gemeente, dit om de leefberens yn de regio te behâlden.
- Ferskaat fan ynwenners yn stêden en doarpen wurdt oanmoedige om libbendichheid, solidariteit en feiligens te kreëarjen.
- By bou of ferbou fan wenten moet enerzjybesparring, duorsumens en behâld fan ús kultureel erfgoed (monuminten, steds-, doarps- en plattelânsoansjoch) liedend wêze.
- Bestearde bouprojekten en yndustryterreinen wurde ôfmakke, eart der fergunnings foar nijbou jûn wurde.
- Sjen of sosjale wenningbou noch ynfoege of útwreiden wurde kin binne de bestearde projekten.
- Hierwenten moatte goed isolearre wurde. Minsken yn sosjale hierwenten hawwe al net folle te besteegjen, mar troch minne isolaasje faak hegere enerzjyrekkens.
- Hierwenten en wiken wurde goed ûnderhâlden. Efterstallich ûnderhâld moat sa gau mooglik oanpakt wurde en de gemeente moat hjir op tasjen. Slope fan wennings is de lêste opsje.
- Wenningbouferienings krije in ferieningsstruktuer wêrby in ledegearkomste de wichtichste kontrôlefunksje is.
- Hierders krije it rjocht om útstellen te dwaan en inisjativen te nimmen.
- Wy fine jierlikse hierferhegings fan de maksimale 4% te heech. De hieren meie jierliks allinne mei de ynflaasje ferhege wurde.
- De SP is foar it behâld fan boartersfoarsjennings op it hjoeddeiske nivo.

3. MILJEU, NATOER EN BISTEWOLWEZEN

De minsk is in sosjaal wêzen. Wy fiele ús ferbûn mei inoar en mei ús omjouwing. Dat bringt ferantwurdlikheden mei him mei. Soargje foar inoar en foar de wrâld wêryn 't wy libje.

Wy, minsken, bedriuwen en organisaasjes meitsje it ferskil. De SP set yn op duorsumens, natuerbehâld en strikte hanthavening fan miljeurígels. Op dizze wize bewake wy ús wrâld foar takomstige generaasjes.

Yn Nederlân is der gjin ûnoantaasten natuer mear. Us hiele lânskip is it risseltaat fan minsklike aktiviteit. Dit kultuerlânskip soarget der foar dat de natuer ûnder grutte druk is kommen te stean. Wy moatte foarsichtich wêze mei dat wat wy hawwe. Wat wy no stikken meitsje krije wy nea wer werom.

Fersmoarging moat bestriden wurde. Bistewolwêzen moat befoardere wurde. De gemeente kin neffens ús in soad dwaan om bistewolwêzen te stimulearjen, lykas bistefreonlik grienbehear en in goede opfang fan bisten yn need.

US UTSTELLEN

- Bedriuwen moatte miljeufreonlik produsearje. Wy binne foarstanner fan bedriuwsfiering wêrby't natuer en lânbou yn lykwicht binne.
- Trochsketten yndustrialisaasje fan de lânbou mei einleaze skaalfergrutting en eksessen as megastâlen moat tsjingien wurde.
- Oanfragen foar bedriuwswreidings yn de feefokkerij kinne allinne tastien wurde as it fee bûten stean kin neffens de rigels fan de greidgong.
- Oanfragen fan bedriuwen dy't yn de bio-yndustry aktyf wurde wolle karre wy ôf.
- Wetter-, loft-, asbest- en grûnfersmoarging sa gau mooglik sanearje en yn de takomst foarkomme. De fersmoarger betellet.
- Ljochtfersmoarging en enerzjyfergriemerij by bedriuwen en oerheden wurdt tsjingien.
- Mear kontrôle op besit en gebrûk fan materiaal om hûnestront op te rêden. Der moatte mear hûnestrontbakken komme, ek bûten de kearnen.
- Natoergebieten wolle wy behâlde en beskermje tsjin rekréaasje(parken), yndustry ensfh.
- Fersnippere rekke natoergebieten wurde wer mei inoar ferbûn.
- Unkrûd moat op in miljeu-, minsk- en bistefreonlike wize ferwidere wurde. De gemeente stoppet mei it gebrûk fan glyfosaat sa as yn Roundup.
- It behear en it oanpassen fan iepenbier grien, bosk en natoergebieten wurdt ôfstimd op natoerûntjouwing en op de beskerming fan de yndividuele bisten en harren leefgebieten.
- Skea troch wyld wurdt op bistefreonlike wize tsjingien en net troch it deadzjen fan bisten. De gemeente ûndersiket earst alle alternative oplossings, eart ta it fangen en/of deadzjen fan bisten oergien wurdt.
- Wylde bisten en húsdieren yn need wurde sa folle mooglik holpen en de gemeente stipet partikuliere inisjativen hjiryn.
- Bisten sykje faak beskutting yn it grien; troch minder faak en letter te meanen, wurde kosten besparre en bistewolwêzen befoardere.

4. TOERISME EN REKREAASJE

Foar ús moaie gemeente is it toerisme fan grut belang. Hiel wat minsken fertsjinje in goed stik bôle oan de stream fakânsjegongers en deitoeristen dy't ús gemeente jierliks besiket.

Súdwest-Fryslân hat dan ek in hiel soad te bieden: de prachtige marren, histoaryske plakken en de Iselmarkust. Folop mooglikheden foar fytsers, kuierders en wettersporters. Wa 't rêst en romte siket kin yn ús gemeente syn hert ophelje. En dat moatte wy perfoarst sa hâlde.

De SP wol dêrom lytsskalige rekreaasje stimulearje en ús gemeente noch oantrekliker meitsje foar toeristen. De fokus moat hjirby net iensidich lizze op in stêd as Snits. Krekt yn de bûtengebieten sjogge wy kânsen en mooglikheden. Ynvestearrings om rekreaasje op it plattelân in ekstra ympuls te jaan moedigje wy oan. Dat is goed foar it behâld fan it karakter fan Súdwest-Fryslân, it is goed foar de toerist en it is goed foar de lokale wurkgelegenheid.

US UTSTELLEN

- De brêgewippers binne de wettersportambassadeurs fan ús gemeente. De brêgewipper moat dêrom bliuwe. Dit strielt gastfrijheid út en draacht by oan de feiligens op it wetter.
- Ek de pontskippers hawwe in taak as ambassadeur. Dêrom meie hja net ferfongen wurde troch in tunnel. Tunnels kostje in soad jild en helje it net by it belibjen fan in pont.
- Feiligens op it wetter fergrutsje troch better oerlis tusken alle belutsen partijen.
- Foldwaande betelbere lisplakken foar bewenners en toeristen.
- De gemeente oantreklik meitsje mei goeie en feilige fyts-, kuier- en ruterpaden en farroutes.
- Better ûnderhâld fan de besteande farroutes. It giet hjirby om de kades en wâlkanten. Dit ferkieze wy boppe it oanlizzen fan nije farroutes.
- Toerist wêze moat yn ús gemeente betelber bliuwe. De toeristebelesting is gjin molkko.
- Wy moatte sunich wêze mei it histoarysk oansjoch fan stêden, doarpen, kultuerlânskippen en monuminten. Dit binne nammentlik ús trekpleisters foar toeristen.
- Wy binne tsjin de challetifisearring fan campings. Hjirtroch wurde nammentlik minsken mei in lytse beurs fan de camping jage.

5. EKONOMY, DUORSUMENS EN YNNOVAASJE

“De minsk is net it middel mar it doel fan alle ekonomyske aktiviteit”. Men soe tinke dat hjir in betûfte sosjalist oan it wurd is, mar it is in útspraak fan Benedictus XVI. Yn hieltyd bredere kring wurdt twifele oan de wize wêrop ús ekonomy funksjonearret.

Spekulaasje en de jacht op it snelle jild hawwe lieden ta in ferskuorrende wrâldwide krisis. Ek ús lân hat dêrûnder te lijen, mei hieltyd mear wurkleazens en earmoede.

De SP pleitet foar in ekonomy wêryn't de minsklike maat sintraal stiet. It midden- en lytsbedriuw binne dêryn de spil, motor en rêchbonke. Dêrby is in wichtige útdaging de fraach hoe 't wy de ekonomy demokratisker, duorsumer en skjinner organisearje kinne.

Dêrom wolle wy mear gearwurking tusken gemeenten, midden- en lytsbedriuw en bygelyks ek wenningkorporaasjes.

US UTSTELLEN

- Om oanbestegings geunstich te meitsjen foar lytsere bedriuwen yn de regio, moat de gemeente projekten sa organisearje dat dit mooglik is, bygelyks troch it opdielen yn lytsere projekten. Hjirmei wurdt de lokale wurkgelegenheid stimulearre.
- Leechstân fan bedriuwgebouwen en bedriuweterreinen wurdt oanpakt en wergebrûk stimulearre.
- De gemeente kriget mear sizzenskip oer funksje, eigendom en wearde fan de grûn. Grûnspekulaasje wurdt tsjingien.
- De stedhûstún yn Snits bliuwt. Dizze mei net folboud wurde. De gemeente giet de leechsteande kantoarpannen rûnom it stedhûs gebrûke.
- De gemeente moat ynnovaasje fan it MKB, de ZZP-ers en de starters stimulearre.
- Wy binne foar de hanthavening fan de hjoeddeiske regeling fan keapsneinen en iepeningstiden, mar gjin útwreiding. Rêstmominten meiïnoar binne wichtich foar de maatskippij as gehiel.
- Yn tiden fan foarse besunigings, mar ek as der net besunige wurdt, is ûndersyk nei en ynsjoch yn de effektiviteit fan útjeften fan de gemeente wichtich.
- Wy moatte lytsskalige wynmûneprojekten op lân stimulearre wêrby't de lokale besteande inisjativen de folsleine fraach dekke dy't Den Haach fan ús freget.
- De wynmûnen komme en bliuwe yn eigen behear fan de stêden, doarpen, mienskippen en boeren. Wy binne foar wynmûnen, mar tsjin de megaparken.
- Lokale lytsskalige inisjativen út de mienskip wei op it mêd fan ekonomy, duorsumens en ynnovaasje lykas Griene Geaën, stedslânbou Snits, Beabuorren ensfh. moatte stimulearre wurde.
- De gemeente moat mynbou-aktiviteiten dy't grutte risiko's op skea mei him meibringe lykas sâltwinning en skalygas net tastean.
- Folkstunen hawwe in grutte wearde. As folkstunen op in bepaalde lokaasje ferdwine, moat dit ôfstimd op de fraach op in passend plak kominsearre wurde.

6. FEILIGENS EN IEPENBIERE OARDE

Us maatskippij is hurder wurden troch tanimmend egoïsme en groeiende ûngelikens. Súdwest-Fryslân docht it wat misdied en feiligens oanbelanget hielendal net sa min, mar it tal geweldsmisdriuwen en gefallen fan drugsoerlêst is de lêste jierren wol heger wurden.

De SP fynt dat hieltyd hurder straffe op himsels neat oplost. Wy tinke dat foarkomme fan kriminaliteit en oerlêst, it oanpakken fan de oarsaken, wichtiger is by it fergrutsjen fan de feiligens.

In goed earmoede-, húsfestings-, en antidiskriminaasjebelied binne hjirby ûnmisber. Krekt as gearwurking mei de GGZ, dakleazenopfang, reklassering, jeugdsoarch, de wenningbouferienings, fersklavingssoarch, wykaginten en buerthûzen.

US UTSTELLEN

- Der moatte mear wykaginten komme: hja binne sichtber en oansprekber.
- Kameratafersjoch mei allinne ynsetten wurde wannear't de ried hjirmei ynstimt. Wannear't der gebrûk makke wurdt fan in kamera moatte der warskôgingsboarden pleatst wurde.
- Wy binne tsjin previntyf fouillearre. It hat kwalik bewiisd effekt, wekt agresje op, wurket diskriminaasje yn 'e hân en is in te grutte belesting op de plysje.
- Drinken op jonge leeftyd is min foar de sûnens. Dêrom moatte kontrôles op alkoholverkeap en konsumpsje goed en regelmjittich útfierd wurde.
- Kalamiteiten wêrby't de boargemaster allinne beslissings nimt, wurde altyd efterôf mei de gemeenteried bepraten. Ynwenners wurde hjirby ek sa gau mooglik ynformearre.
- Multifunksjonele sintra, buertsintra en doarpshûzen hawwe in wichtige funksje foar de feiligens fan de buert, dizze moatte iepen bliuwe.

7. IEPENBIER BESTJOER

Súdwest-Fryslân is yn opperflakte in hiel grutte gemeente. Minsken kinne hjirtroch al gau it gefoel krije dat de polityk, it bestjoer, eat is dat fier fan harren ôf stiet. Wêr't hja gjin sicht op of kontrôle oer hawwe. De SP wol dat de gemeentlike polityk fol ynset op it fergrutsjen fan ynspraak en belutsenheid fan boargers.

Dat kin fia wykferienings, bewennersplatforms en doarpsrieden bygelyks. Ek klïinterieden en oare belangeorganisaasjes moatte aktyf belutsen wurde by it belied en wêr nedich ûnderstipe wurde.

Demokrasjy en draachflak komme fan ûnderop, út de wiken en de doarpen. By it ferlytsen fan de ôfstân tusken polityk en boarger sjogge wy goeie mooglikheden foar it ynsette fan digitale techniken.

US UTSTELLEN

- Gearfoegings fan gemeenten en provinsjes kinne net mear sûnder de útdruklike tastimming fan de mearderheid fan de befolking.
- De bestjoeren fan wykferienings en doarpsrieden wurde demokratysk keazen.
- By de beneaming fan in boargemaster kriget de gemeenteried in gruttere rôl.
- De ried hat mear direkt kontakt mei de ynwenners. Hjirby kinne ûnder oaren multimedia en ynformaasjegearkomsten ynsetten wurde. It is de taak fan de gemeente om de ynwenners hjiroer te ynformearjen.
- Riedsleden moatte mear sichtber en oansprekber wêze. Net allinne yn de grutte plakken, mar yn die hiele gemeente.

8. SOARCH

Soarch moat tagonklik wêze foar eltsenien dy't der ferlet fan hat. Dat betsjut ek dat soarch betelber wêze moat foar eltsenien. De SP is tsjin merkwurking yn de soarch, omdat dit liedt ta hegere kosten: troch oerstallic management, burokrasy, ferspilling en graaikultuer.

It kabinet wol gemeenten foar in grut part sels ferantwurdlik meitsje foar de soarchferliening. Dit oer it sket goaie fan soarchtaken by de gemeenten fynt de SP gjin goed idee. Gemeenten wurde dêrtroch opsadele mei de finansjele risiko's dy't gearhingje mei de groei fan de soarch.

Wy binne foar lytsskalige soarch, ticht by de minsken. De gemeente kin hjir grif wol in rôl yn spylje: hja kin yn oerlis mei soarchynstellings en helpferlieners goed oersjen wa 't wêr ferlet hat fan hokker help of soarch. Mar it kabinet skoot soarchtaken ôf op de gemeente sûnder dat dêr genôch jild tsjinoer stiet. Dat is net akseptabel. Want dêrmei krije minsken dy't ôfhinklik binne fan soarch en deibesteging de rekken presintearre.

Dat de jeugdsoarch in gemeentlike taak wurdt, hat de SP altyd al wiis mei west. Mar it tempo wêrmei 't de taken no op ús takomme, de betingsten wêrûnder en de gigantyske besunigings binne foar ús ûnakseptabel.

US UTSTELLEN

- It rjocht op soarch moat behâlden bliuwe en gjin geunst wurde.
- Yndikaasjes foar de soarch moatte wer fêststeld wurde troch de meiwurkers sels. Hja sjogge it bêste fan hokker soarch der ferlet is en sjogge ek wannear 't der feroarings binne yn it soarchferlet.
- Meiwurkers yn de soarch krije meisizzenskip oer de ynhâld en de organisaasje fan it wurk.
- Goedkeapere wurkkrêften ynsette is gjin goeie wize om te besunigjen yn de soarch. Dit is allinne leandump. Ek it ynsetten fan minsken út de bystân dy't wurkje mei behâld fan útkearing is dwersferkeard, omdat nimmen hjirby tsjinne is.
- Mantelsoargers wurde better ûnderstipe. Mantelsoarch mei gjin ferplichting wêze.
- By mantelsoargers wurdt sjoen nei de persoanlike belesting wat sollisitaasjeplicht en arbeidsreyn-tegraasjetrajekten oanbelanget. Bern meie net as mantelsoargers sjoen wurde.
- Understypjende begelieding, lykas deibesteging en soarchbuorkerijen, bliuwt behâlden.
- De gemeente moat in goede gearwurking tusken de soarchynstellings stimulearje.
- Omdat âlderein langer thús wenjen bliuwe, moat de gemeente soargje foar genôch oanpaste wennings en helpmiddels.
- De oanrydtiid fan in ambulânse moat binnen de 15 minuten bliuwe. It kritearium foar it tal ambulanses mei net it tal ynwenners wêze, mar krekt de oanrydtiid.
- Alde medisinen kinne fergees by de apteek ynlevere wurde. De gemeente soarget kosteleas foar it opheljen en ferwurkjen.

9. UNDERWIIS

Ynvestearje yn ûnderwiis is ynvestearje yn ús takomst. Troch goed ûnderwiis kin de jongerein har talinten folslein ûntjaan. Dat is de bêste wize om de ekonomy en ús maatskippij sterker te meitsjen.

De SP is foar lytsskalich ûnderwiis, wêrby't it bern sintraal stiet. Wy sjogge de skoalle as in mienskip, wêryn't learlingen en leararen, âlders en skoallieding gearwurkje oan ien maatskiplik doel: it bêste út elts bern nei foaren helje, sadat it nei fermogen optimaal funksjonearje kin.

US UTSTELLEN

- Skoallen binne goed ferdield oer de hiele regio. Dit jildt benammen foar it basisûnderwiis. De lizzing fan de skoalle is hjirby wichtiger dan it tal learlingen.
- Wannear basisskoallen te lyts wurde kin de gemeente oanstjoere op fusearring en (fiergeande) gearwurking fan lytse basisskoallen om skoallen yn de regio te behâlden.
- Wy fine it wichtich dat jongerein net sûnder kwalifikaasje fan skoalle gear. Dit berikke wy troch bettere gearwurking tusken âlders, skoallen, jeugdsoarch, fersklavingssoarch, GGZ en learplichtamtner.

10. KULTUER, SPORT EN WOLWEZEN

It libben is mear dan wurkje en jild fertsjinje. It fuorjen fan de ferbyldingskrêft en fan de geast is grif sa wichtich. Genietsje fan in moai boek, in konsert of in film. Rekke wurde troch in skilderij of toanielfoarstelling. Keunst prikelt en ferrast.

De SP fynt it dêrneist ek wichtich dat minsken genôch mooglikheden hawwe om harren eigen kreativiteit te ûntjaan. Yn de muzykskoalle of by de toanielclub, yn it sjongkoar of by de skilderkursus.

Dêrom pleitsje wy foar it behâld fan in breed kultureel aanbod yn ús gemeente. Sawol foar genieters as foar makkers.

Sport en spul jouwe wille en ûntspanning, binne goed foar de sûnens en befoarderje de ûnderlinge belutsenheid. De SP makket har sterk foar in breed en goed sprieden aanbod. Op skoallen, troch sportclubs en boartersplakken yn de buerten.

Kultuer, sport en spul binne fan grutte wearde foar it wolwêzen fan minsken en bringe minsken by inoar. Wy fine it fan grut belang dat de foarsjennings foar eltsenien tagonklik binne en dat der gjin groepen minsken bûten de boat falle.

US UTSTELLEN

- Kultuer, wolwêzen, sport en ûntspanning wurde tagonklik makke foar minsken mei in lytse beurs. It is de ferantwurdlikheid fan de gemeente om minsken te wizen op regelings.
- De kulturele foarsjennings lykas bibliteken moatte goed fersprieden wêze oer de regio. It jild hjirfoar wurdt earlik ferdielt en giet net allinne nei de grutte stêden.
- Muzykskoallen, dûnsskoallen en it sintrum foar de keunsten moatte foar eltsenein betelber wêze.
- De SP set har yn foar in breed kultureel aanbod, dus dêrom wolle wy gjin besunigings op bibliteken, muzykûnderwiis en kulturele foarsjenning op wyknivo.
- Wy moatte sunich wêze op ymmateriële kultuer lykas klaaiïng en muzyk.
- Wy hechtsje wearde oan de Fryske taal en Fryske kulturele ferwurvenheden. Dit is ûnskiedber ferbûn mei de identiteit fan in grut part fan de ynwenners fan ús gemeente en moat behâlden wurde.
- Eltsenien is frij om te kiezen om yn it Frysk of yn it Nederlânsk te kommunisearjen mei ynstellings en de oerheid. Yn teory is dit wol mooglik, de praktyk is spitigernôch dat dit net altyd mooglik is.
- Ferienings moatte genôch stipe wurde om foar te kommen dat hja harren kontríbúsje foars ferheegjen gear.
- Swimles moat foar eltsenien tagonklik wêze, dêrom moat der in kostendekkende regeling wêze foar minsken mei in leech ynkommen, sadat elts bern yn ús wetterrike gemeente swimmen leare kin.
- De swimbaden yn ús gemeente moatte berikber bliuwe foar eltsenien. Benammen foar minsken dy't om sûnensredenen swimme. In gruttere ôfstân ta it swimbad makket it swimmen foar dizze minsken ûnmooglik.
- In earlike ferdieling fan sport- en boartersfoarsjennings yn de wiken en doarpen.

11. PLATTELÂN EN ROMTLIKE OARDENING

Wy libje yn in typyske plattelânsgemeente. Mei Boalsert en Snits as grutste plakken, libbet rûchwei de helte fan de ynwenners fersprieden oer in grut tal lytsere stêden, doarpen en buertskippen. Dat freget om in goede balâns yn it belied fan ús gemeente, mei genôch oandacht foar sawol stêd as plattelân.

Foarsjennings lykas winkels, skoallen, buslinen, bibliteken, sportmooglikheden, doarpshûzen en bankservicepunten hearre foar eltsenien berikber te wêzen. In goede ferdieling is essinsjeel. De gemeente hat dêryn in foarbyldfunksje troch te soargjen dat gemeenteloketten goed berikber binne fanút de hiele regio.

US UTSTELLEN

- Buerthûzen, doarpshûzen en multifunksjonele sintra binne it hert fan de buert. It bynt minsken en soarget dat in mienskiptsgefoel bestean bliuwt. Elts plak moat in romte hawwe wêr't minsken inoar moetsje kinne en aktiviteiten ûndernimme kinne.
- Doarpen moatte fitaal hâlden wurde troch rjochten wenningbou foar starters en âlderein en troch grutte bedriuwsketens lykas supermerken mei lisinsjes te twingen filialen iepen te hâlden yn lytsere kearnen as dêr gjin alternatyf oanwêzich is.
- It MKB is de motor fan ús ekonomy. Wy binne tsjin de megastores sjoen't dizze op kosten gean fan de winkels yn de doarpen.
- Lokale ekonomy is goed foar de leefberens en it miljeu. De ferkeap fan streekprodukten by de boer moat makliker makke en stimulearre wurde.
- Bedriuweterreinen en kantoaren wurden ûnderhâlden en wêr nedich opknapt. Nije bedriuweterreinen en kantoaren wurde pas realisearre as de leechstân oplost is.
- Ferljochting kin better, tûker en miljeufreonliker.
- Eltsenien moat tagong hawwe ta goed en snel ynternet tsjin in betelbere priis.
- Goed ûnderhâlden fyts-, kuier- en ruterpaden en farroutes binne goed foar it toerisme, de berikberens en de sûnens fan ynwenners.
- De oanrydtiden fan plysje en brânwacht bliuwe hanthavene. Dit is op it plattelân dreger te heljen en dêr dan ek fan ekstra grut belang.

12. FERFIER EN FERKEAER

Yn in plattelânsgemeente as uzes hawwe in protte minsken te krijen mei reizgjen oer langere ôfstannen: nei skoalle, nei it wurk, nei publike ynstellings, winkels, famylje of freonen. In goed ûnderhâlden netwurk fan diken is dus hiel wichtich.

Lang net alle minsken kinne of wolle oer in auto beskikke. Leeftyd, in handikap, in leech ynkommen of miljeu-oerwagings spylje hjirby in rôl. Foar dy groep is goed, tagonklik en fynmazich iepenbier ferfier in útkomst.

De provinsje is ferantwurdlik foar it iepenbier ferfier. De gemeente kin wol by Provinsjale Steaten oanjaan wêr't ferlet fan is yn in Súdwest-Fryslân.

US UTSTELLEN

- Yn de stêden, doarpen, kearnen en by stasjons betelbere en tagonklike OV-fytzen.
- In bliuwende busferbining mei it sintrum fan Boalsert.
- De gemeente moat de provinsje oansprekke op har ferantwurdlikheid foar in goed en berikber iepenbier ferfier.
- It WMO-ferfier moat ynkommensôfhinklik wêze, sadat goed WMO-ferfier foar dyjingen dy't dêr ferlet fan hawwe beskikber bliuwt.
- Unfeilige ferkearsplakken moatte oanpast wurde.
- 30-Kilometersônes moatte ek sa ynrjochten wurde. No wurdt der faak noch te hurd riden.

13. FINANSJES

De SP hat as ienige partij yn Nederlân konsekwint warskôge foar de grutte risiko's fan liberalisearring en in iensidich betrouwen yn de merk. Miljarden euro's blike nedich te wêzen om it neoliberale systeem oerein te hâlden dan wol yn te fieren. Wy binne ús bewust dat it swiere tiden binne dy't mooglik noch lang oanhâlde. Troch de soarchtaken dy't nei de gemeente komme sil de druk allinne mar mear tanimme.

De SP stiet foar solide finansjeel belied mei in soad sosjale karren en hantearret minsklikheid as betingst by publike tsjinstferliening. As gemeente moat men alles wat men wol fansels ek betelje kinne. It jild hjirfoar sykje wy binnen de begrutting om sa in sosjaal belied fiere te kinnen. Hurde karren binne net foar te kommen, wy binne ús dêrfan bewust. Troch yn te setten op behâld fan it besteande en net mei te gean yn it belied fan: nij en grutter, giet de SP derfan út dat de begrutting foar de kommende jierren yn stân bliuwe kin, in slutende begrutting meitsje en behâlde. Gemeentlike middels kinne net brûkt wurde om projektúntwikkelders of de winsten foar oandielhâlders oerein te hâlden.

Wy bliuwe ús fersette tsjine grutte prestiizjeprojekten wylst der op basale sosjale ûnderwerpen besunige wurde moat. Prestiizjeprojekten = selsoerskatting fan stedsbestjoeren en jaget de befolking op kosten en betsjut in fûleindige oanslag op de gemeentebegrutting.

De SP kiest foar prestaasje yn stee fan prestiizje, kiest foar minsken yn stee fan beton. Gjin útholling fan de publike sektor. Hieltyd dúdliker docht bliken dat de útholling fan de publike sektor dy't de ôfrûne jierren plakfûn hat benammen ta swierrichheden liedt en soarget foar ferskowing fan de kosten en net ta werklike besparings.

US UTSTELLEN

- De SP hantearret it prinsipe: de sterkste skouders drage de swierste lêsten. It sribben is dan ek om alle regelings folle mear ynkommensôfhinklik te meitsjen. As it nedich is om it nivo fan sosjale en maatskiplike foarsjennings te hanthavenjen, kin in beheinde ferheging fan de OZB mooglik akseptabel wêze.
- Foar de kommende besunigingsoperaasje moat yn earste ynstânsje sjoen wurde nei de gemeentlike organisaasje. Der kin effisjinter wurke wurde troch bygelyks mear gear te wurkjen.
- Besunigings op burokrasy en regelsucht. It ynhieren fan eksterne advysburo's liedt ta in enoarme jildfergriemerij. De SP stelt út ditsoarte fan saken drastysk te ferminderjen.
- Ynhiere fan eksternen foar de útfiering fan gemeentlike taken wurdt sa folle mooglik beheind. Der wurdt in kwotum fêststeld foar de ynhier fan eksternen.
- By de kommende besunigings mei it bestjoer net bûten skot bliuwe. Op de represintaasjekosten wurdt besunige en de fergoeding foar riedsleden giet omleech nei 80% fan it hjoeddeiske bedrach.
- De gemeente fiert belied yn dat it oerskeakeljen op open source software mooglik meitsje moat.
- Alle jilden dy't binnen komme wurde earmerke, der wurdt in bestimming oan jûn en it wurdt dêr dan ek foar brûkt.
- Fierdere ferselsstannigings en privatisearrings fan gemeentlike tsjinsten binne wy tsjin. Wêr mooglik wurdt sjoen wêr't dit noch werom draaid wurde kin.
- Tekoarten yn de begrutting wurde binnen de begrutting oplost. Tocht kin wurde oan minder ynhier fan eksternen en minder ynvestearrings yn asfalt en beton.